



ZON-DAG BOEK



PROTESTANTSKE GEMEENTE

Wurdum Fr e.o.

Sneitejûn, 17 oktober 2010 - Fesper



Sa'n 25 minsken komme de flau ferljochte tsjerke binnen. Se rinne yn stilte nei de kapel en sykje in plakje.

Iepening

De fiering wurdt iepene troch de liturch tegearre mei de gemeente:

l: Hear, iepenje my de lippen.

g: Myn mûle sil jo lof ferkundigje.

l: Rêd my, o God.

g: Kom mei hasten, Hear, om my te helpen.

Wy sjonge Psalm 65: "De stilte zingt u toe, o Here, in uw verheven oord."

In kers wurdt oanstutsen en troch de minsken oan elkoar trochjûn.

Dêrnei wurdt hy yn de kring fan de oanwêzigen yn de stander set. Wilens lêst de liturch:



*Jezus, Jo binn' it ljocht yn myn libben
lit nea ta dat it tsjuster ta m sprekt.*

*Jezus, Jo binn' it ljocht yn myn libben
Skyn yn my troch jo leafde, o Hear.*

Lêzing út de bibel

Ds. Wagenaar hellet Genesis 32 oan dêr't yn ferteld wurdt hoe't Jakob him klearmakket om syn broer Ezau ûnder eagen te kommen. Hy stjoert syn boaden en feinten mei geschenken foarút om Ezau goedgeunstich te stimmen. As lêste stiet er 's nachts foar de rivier om dy oer te stekken. Dêr wrakselt er de hiele nacht mei immen en rekke ferwûne oan 'e heuspier.

Oant de dei fan hjoed ite de Israëlit dy spier net. Letter seit Jakob dat hy mei God fochten hat. Blykber moatte wy, as wy ús fersoene wolle mei in oar, earst it gefjocht mei ússels oangean.

Ferstilling

Nei dizze koarte tarieding sykje wy de ferstilling yn ússels. Om it te sizzen mei de wurden fan ds. Wagenaar, de stilte is de sindtiid fan de Hillige Geast.



Mei elkoar wurdt songen út Sjongend op Wei: 123: "Uit vuur en ijzer".

Jûngebed

It jûnsgebed wurdt oanfolle mei gebeden fan oanwêzigen. Dat wurdt hieltyd folge troch:

foargonger: Dêrom bidde wy:

allegearre: Hear, ûnfermje jo.

De gebeden wurde ôfsletten mei it Us Heit.

As lêste wurdt songen: Hear, wês mei ús".

Ds. Wagenaar slút ôf mei de seinbea.

Meiwurkers

Foargonger:
Fesperwurkgroep:

Ds. Hinne Wagenaar
Ettje Posthuma, Janny
Veenstra, Hinke
Meindersma.
Albert Minnema.
Jannie Smits

Pianist:
Koster:

